

Nummer: 128 LV

Datum: 31 augustus 2021

45 miljoen voor versterken stikstofgevoelige natuur in Fryslân

De provincie Fryslân krijgt 45 miljoen euro van het Rijk voor het herstellen van stikstofgevoelige natuur. Met het Provinciaal Programma Natuur wil de provincie Fryslân inzetten op een duurzame verbetering van de natuur in de Natura 2000-gebieden en in leefgebieden van kwetsbare plant- en diersoorten. Het programma is onderdeel van de landelijke, structurele stikstofaanpak van het ministerie van Landbouw, Natuur en Voedselkwaliteit.

Gedeputeerde Douwe Hoogland: "It is fan grut belang dat wy de natuer yn de stikstofgevoelige gebieten ferbetterje, sadat it bestindich wurdt en wy it behâlde kinne. Der binne wy fansels al mei dwaande, mar mei dit jild kinne wy noch flugger grutte stappen sette. Dêrom bin ik ek o sa bliid dat wy de beskikking fan 45 miljoen euro tasein krigen hawwe. Yn 'e mande mei terreinbehearders, it Friesch Particulier Grondbezit en oare Fryske partners hawwe wy in provinsjaal útfieringsprogramma makke mei in ynventarisasaasje fan maatregels dy't de kommende trije jier út ein sette kinne. Ik ha der alle fertrouwen yn dat wy de Fryske natuer mei de belutsen partijen in moaie ympuls jaan kinne.

Maatregelen

In Fryslân is er per type gebied een inventarisatie gemaakt van mogelijke maatregelen. Het gaat om het duingebied op de eilanden, het laagveen in het Lage Midden, het heide- en schraalland in de zuidoosthoek van de provincie en het hoogveen in het Fochteloërveen, rond de grens met provincie Drenthe. Het gaat bijvoorbeeld om maatregelen zoals het stimuleren van verstuing in de duinen, het ontwikkelen en verbeteren van heide, moeras en veenmosrietland en het verbeteren van watersystemen om meer water vast te houden in natuurgebieden. De komende periode werkt de provincie Fryslân samen met betrokken partijen de uitvoering van het Programma Natuur verder uit.

PARSEBERJOCHT

Nûmer: 128 LV

Datum: 31 augustus 2021

45 miljoen foar stikstofgefoelige natuer yn Fryslân

De provinsje Fryslân kriget 45 miljoen euro fan it Ryk foar it ophelpen fan stikstofgefoelige natuer. Mei it Provinsjaal Programma Natuer wol de provinsje Fryslân ynsette op in duorsume ferbettering fan de natuer yn de Natura 2000-gebieten en yn libbensgebieten fan kwetsbere plant- en bistesoarten. It programma is ûnderdiel fan de lanlike, strukturele stikstofaoppak fan it ministearje fan Lânbou, Natuer en Fiedselkwaliteit.

Deputearre Douwe Hoogland: “It is fan grut belang dat wy de natuer yn de stikstofgefoelige gebieten ferbetterje, sadat it bestindich wurdt en wy it behâlde kinne. Der binne wy fansels al mei dwaande, mar mei dit jild kinne wy noch flugger grutte stappen sette. Dêrom bin ik ek o sa bliid dat wy de beskikking fan 45 miljoen euro tasein krigen hawwe. Yn ‘e mande mei terreinbehearders, it Friesch Particulier Grondbezit en oare Fryske partners hawwe wy in provinsjaal útfieringsprogramma makke mei in ynventarisasje fan maatregels dy’t de kommende trije jier út ein sette kinne. Ik ha der alle fertrouwen yn dat wy de Fryske natuer mei de belutsen partijen in moaie ympuls jaan kinne.”

Maatregels

Yn Fryslân is der per type gebiet in ynventarisasje makke fan mooglike maatregels. It giet om it dúngebiet op de eilannen, it leechfean yn it Lege Midden, it heide- en skraallân yn de súdeasthoeke fan de provinsje en it heechfean yn it Fochtelerfean, rûn de grins mei provinsje Drinte. It giet bygelyks om maatregels lykas it stimulearjen fan ferstowing yn de dunen, it ûntwikkeljen en ferbetterjen fan heide, moeras en feanmoasreidlân en it ferbetterjen fan wettersystemen om mear wetter fêst te hâlden yn natuergebieten. De kommende perioade wurket de provinsje Fryslân yn ‘e mande mei belutsen partijen de útfiering fan it Programma Natuer fierder út.